



Feriëning fan Eardere Steatenleden Fryslân

Jierferslach 2015 troch Frâns Kuipers, 2^e siktaris FES

Op besite by it Hoogland Gemaal

16 maaie 2015 wienen we wolkom by it 'Hoogland Gemaal' yn Starum en by de nije 'Johan Friso Slûs'. Wy krigen op treflike wize tekst en útlis (3D-film) en in rûnlieding troch dit bisûndere gemaal fan de hearen André Houwer en Binne Hartstra fan it Wetterskip. Ek hearden we nijs oer it projekt 'De Fryske Marren', oer enerzjy neutraal, fiskmigraazje en toerisme. Der wiene 16 dielnimmers.



Op 'e Lemmer krigen wy útlis yn algemiene sin en in rûnlieding yn it gemaal fan de direkteur mefrou Beljon. Útlis oer de wurking en ek in eksposysje mei foarbylden, fragen oer en wer. Jan From hat dizze dei foar it lêst aktyf west yn de aktiviteitenkommisje fan it FES. Mei tank!

Algemiene Ledengearkomst FES 8 april 2015 yn it Provinsjehûs



Nei binnenkomst om 17.00 oere en it jûnsmiel fan 18.00-19.00, krigen wy fan de hear Ton van Dijk, algemien direkteur fan KH2018, neiere útlis oer de doelen en de opset dit feestlike kulturele barren yn 2018. Wy krigen ideeën oanrikt oer wat wy as eardere Steateleden dwaan kinne by de útfiering fan KH2018.

Der wurdt tocht oan taken as begeliede fan groepen, it lizzen fan kontakten fia eigen netwurken, gasthear/gastfrou wêze by guon evenementen, ensafierder.

De algemiene boadskip wie dat wy as Fryslân net te lyts tinke en te lyts hannelje moatte om KH2018 goed op poaten te setten. It moat frâl gean om it opkrikken fan 'empowerment'.



It útstel fan de oanwêzige leden: It bestjoer sil in wurkgroep KH2018 foarmje. (Dizze wurkgroep is ûnderwilens foarme en stiet ûnder foarsitterskip fan Albert Oostland).

7 juny 2015 hat it nije kolleezje fan DS in brief krigen oer it bestean fan de FES, én oer eventuele help fan FES by de útfiering fan KH2018.

Oanwêzich sa'n 35 leden.

13 novimber 2015 besite oan Wetsus



Johannes Boonstra joech in begeestigjend ferhaal. Hy en syn meidirekteur sjogge harren ideaal yn dieden werom: Wetsus is no in wrâldwiid bekend wittenskiplik sintrum, dat oparbeidet mei universiteiten en bedriuwen.

De eardere deputearre Piet Bijman, dy't der dizze kear ek by wie, hat mei de Steaten fan Fryslân krekt hannele troch in hiele protte jild frij te meitsjen foar dit útsûnderlike ynstitút. Wy wiene der tsjûge fan! Der wiene 35 dielnimmers.



It jûnsmiel wie yn 'Het Leven' yn Ljouwert. De measten giene mei. Algehiel besjoen: in treflik slagge aktiviteit!



Bestjoerswurk FES 2015

It bestjoer kaam yn 2015 fjouwer kear by elkoar, te witten op: 22 jannewaris, 27 maaie, 26 augustus en 20 novimber 2015. Der binne in pear mutaasjes te melden: Adjir Atur (PvdA) en Pytsje de Graaf (FNP) hawwe bedanke moatten as bestjoerslid, fanwege harren droktme. Irona Groeneveld is tidens de ALV fan 8 april '15, beneamd as lid fan it algemien bestjoer (AB).

It AB bestiet op't stuit út: 1. Jan Kloosterman (PvdA) foarsitter; 2. Sybrig Krohnekamp (Gem. B.) 1^e siktaris; 3. Frâns Kuipers (CDA) 2^e siktaris; 4. Jan R. de Jong (PvdA), ponghâlder; 5. Albert Oostland (CU) AB-lid; 6. Jolanda Röttert (VL), foarsitter aktiviteitenkommissje; 7. Irona Groeneveld (GL), lid wurkgroep KH2018.

Wurkgroep KH2018

Leden: Albert Oostland (foarsitter), Irona Groeneveld en Willem Haarsma.

Aktiviteitenkommissje 2015

Lid fan de aktiviteitenkommissje binne Jolanda Röttert (foarsitter), Coby Laanstra, Jan From. Jan From is stopt mei syn wurk foar de AK. Annigje Toering hat syn taken oernommen.

Website: Jan Kloosterman, Jolanda Röttert, Irona Groeneveld. (Sjoch: <http://www.fesf.nl>)



Jikke Schaafstal-Cuperus ferstoarn op 16 maart 2015

Steatelid fan ... - ...

Jikke wie Steatelid en ponghâldster fan it gewestlik PvdA-bestjoer. Ek is se riedslid wêst yn gemeente Kollumerlân C.A. Jikke is 67 jier wurden. Jikke hie noed foar minsken dy't it minder troffen ha. Sy woe minsken meidwaan litte yn de mienskip. Jikke wie grut foarstanner fan de partisipaasjemaatskippij. Klear stean foar elkoar!



Dhr. Sjoerd P. Hoekstra, Leeuwarden (1933) (Ferstoern 17-7-15)

Steatelid yn de perioade 1978-1991.

Dhr. Hoekstra waard as algemien siktaris fan de Chr. Boeren en Tuindersbond frege om as saakkundige de dissipline foar romtlike oardening en jildsaken te fersterkjen. Hoekstra wie wurdfierder fan het Streekplan, it earste grutte plan met in wiidweidie detaillearing. Yn de foarbehandling holden DS en amtners fêst oan harren fyzje. Úteinlik waard, op in útstel fan it CDA, yn in nachtlige Steategarkomst grutte dielen út dit plan skrast.